

Utstel Algemien Bestjoer 6 oktober 2020

Underwerp	Frysk by Wetterskip Fryslân
Tajekke	1. Beliedsplan Frysk 2020-2024 2. Feroardering
Steller	HarmJan Dijkstra

It algemien bestjoer beslút

1. kundskip te nimmen fan de sjenswize van it Europeesk Buro Lytse Talen
2. de reaksjenota fêst te stellen
3. it beliedsplan Frysk 2020-2024 fêst te stellen
4. de feroardering Frysk by Wetterskip Fryslân 2020 fêst te stellen

Ynlieding

Yn jannewaris 2014 is de Wet gebrûk Fryske taal (WgFt) fan krêft wurden. Dizze wet skriuwt foar dat de bestjoersorganen dy't yn Fryslân funksjonearje -en dy net ta de ryksoerheid rekkene wurde kinne- in beliedsplan oangeande it gebrûk fan de Fryske taal opstelle. En oer it gebrûk fan de Fryske taal yn skriftlike stikken en yn it mûnlige ferkear moatte regels fêstlein wurde yn in feroardering. Yn kêst 1 fan artikel 5 fan de wet stiet: "De regels bevatten in ieder geval bepalingen gericht op het versterken van de positie van de Friese taal binnen het werkgebied van het betreffende bestuursorgaan." Mei oare wurden belied en regels moatte der foar soargje dat de posysje fan it Frysk der op foarút giet. Mei dit útstel wurdt dêr útfiering oan jûn.

Beëage resultaat

In beliedsplan en in feroardering dy't de posysje fan it Frysk fersterkje.

Underbouwing beslispen

1. *Kundskip te nimmen fan de sjenswize van it Europeesk Buro foar Lytse Talen*

Neidat der op 11 maaie 2020 yn de kommisje DSF oerlis oer west hat, hawwe de stikken oangeande it Frysk by Wetterskip Fryslân fan 23 maaie oant 3 july op besjen lein. Der is ien sjenswize yntsjinne en wol troch it Europeesk Buro foar Lytse Talen. Yn ús antwurdnota wurdt ynhâldlik reagearre op itjinge troch it EBLT oan de oarder steld is.

2. *De reaksjenota fêst te stellen*

Dit seit himsels.

3. *It beliedsplan Frysk 2020-2024 fêst te stellen*

3.1. It beliedsplan foarmet in bylage bij dit útstel. Yn it fjirde haadstik fan it beliedsplan wurdt yn grutte halen werjûn hoe't it der mei it Frysk by Wetterskip Fryslân foar stiet. Dat byld hat twa kanten. Wat it mûnling brûken fan it Frysk oanbelanget is der eins neat mis. Op de wurkflier, yn de bestjoerssealen en yn de kontakten mei de boargers is it brûken fan it Frysk de gewoanste saak fan de wrâld. Yn it beliedsplan wurde in tal maatregels neamd dy't de posysje fan it Frysk yn it mûnlinge ferkear tusken wetterskip en publyk in triuwke yn 'e rêch jouwe. As it giet om it brûken fan it Frysk yn it skriftlike ferkear, dan binne der sa as dit hjit 'kânsen ta ûntjouwing'. Om't, sa't de wet wol, yn positive sin wat mei dy kânsen te dwaan, wurdt yn it fiifde haadstik fan de beliedsnota oanrekommandearre dat in wurkgroepke der mei oan de slach giet om it tal skriftlike uteringen fan it wetterskip wat faker yn in Frysk jaske te stekken.

4. De feroardering Frysk by Wetterskip Fryslân fêst te stellen

4.1. Wetterskip Fryslân hat al sûnt jierren in feroardering op it brûken fan it Frysk yn it skriftlike ferkear. De WgFt skriuwt foar dat der ek rigels komme moatte foar it mûnlinge ferkear. De nije feroardering foarsjocht deryn. Utsteld wurdt om fêst te lizzen dat de sintrale telefoan tenei yn it Frysk opnommen wurdt en dat by de yngong fan it wetterskipsgebou sichtber wurdt dat minsken dy't graach Frysk prate harren by it wetterskip net hoege te ferbrekken.

Alternatyf

Yn de kommisjegearkomste die bliken dat it algemien bestjoer him yn it generaal goed fine koe yn ús útstellen oangeande it Frysk. Der binne net alternativen oandroegen en der is net oantrune op it ûntwikkeljen derfan.

Risiko's

Net fan tapassing

Finânsjes en kapasiteit

Wat útsteld wurdt kostet net in slompe jild. It measte past wol binnen de besteande budzjetten. De provinsje hat subsydzjebild beskikber foar it útfieren fan beliedsplannen Frysk. Wy sille in oanfraach dwaan by de provinsje om ús in pear jier op gong te helpen mei it fersterkjen fan it Frysk.

Utfiering

De wurkgroep sil sa gau mooglik ynsteld wurde en oan de slach gean. It algemien bestjoer sil regelmjittich ynformearre wurde oer de saken dy't de wurkgroep by it ein hat.

Kommunikaasje

Oangeande it Beliedsplan sil in parseberjocht opsteld wurde. En ek yntern sil der fansels oandacht foar wêze. It kluster kommunikaasje hat in wichtige rol yn it fersterkjen fan it Frysk binnen Wetterskip Fryslân.